

## Fan âld tinken nei nij dwaan

De bestjoersperiode 2014 – 2018 is úteinset. Fol enerzjy pakke wy, as nij kolleezje, it bestjoerlik wurk op.

### *Wêr steane wy foar?*

Der komt hiel wat op de gemeente ôf. Tige belangryk wurdt it trochfieren fan de trije desintralisaasjes yn it Sociaal Domein – AWBZ, jeugdzorg en Participatiewet. Dêrmei komme der in protte taken fan it Ryk oer nei de gemeente. Mei in behoarlike koarting en in iepeneinfinansiering op de jildmiddels dy't dêrmei oerdroegen wurde. Dy taken sille dan ek op in oare wize útfierd wurde moatte. Njonken transysje dus ek transformaasje. De Kanteling moat mei mear krêft tapast wurde, oer de hiele breedte fan de gemeentlike taken, by de ynstellings en by de boargers. Mear brûken fan de eigen krêft fan de boarger en fan de mienskip. Fan de krêft fan ús santjin sterke doarpen, fan de ferienings, de tsjerken, de buerten yn de doarpen. Fan 'âld tinken', tinken fanút de gemeente en it gemeentehûs, nei 'nij dwaan', tegearre mei de boargers it wolwêzen op peil hâlde.

### *Wy fergrutsje dat út*

Dat ûnderwerp fergrutsje wy noch wat mear út. De frijwilligersorganisaasjes op it mêd fan Wolwêzen, Kultuer en Sport wolle wy by de finansjele taakstelling foar de gemeente – dêr hawwe wy it fierderop noch oer – safolle mooglik út de wyn hâlde. Ynstee dêrfan freegje wy fan harren ekstra ynset. Wy freegje harren mei te helpen om minsken út de doelgroepen dy't it lestiger fine om sels mei te dwaan yn de maatskiplike ferbannen partisipearje te litten. Lykas guon âlderen, minsken mei in beheining of minsken fan allochtoane komôf.

Wy freegje dêrnjonken fan de profesjonele wolwêzensynstellings om by helpfragen mear de frijwilligersorganisaasjes dy't wy al neamd ha, yn te skeakeljen. De ynspanning dy't wy freegje, wolle wy fêstlizze yn de budzjetoerienkomsten en subsyzjebetingsten.

Troch sa mei-inoar op te lûken ferwachtsje wy, dat soks der mei ta bydraacht, dat itselde wolwêzensnivo oerein hâlden wurde kin, mar dat der letter en/of minder profesjonele soarch brûkt wurde sil as no. Fierder soarget dy besparing op gemeentlike middels der ek mei foar, dat wurke wurdt oan in slutend mearjierreperspektyf.

Wy sille de resultaten tige krekt yn de gaten hâlde en, as it nedich is, de oanpak oanpasse.

By de kantele wurkwize sille wy ek breder de útgongspunten fan ynformele soarch en 'ien húshâlding, ien regisseur' hantearje.

### *Loslitte*

Likegoed yn it Sosjaal Domein as 'gemeentebreed' sil de gemeente mear loslitte moatte en mear de krêft fan de mienskip brûke moatte. It moat mear 'oerheidspartisipaasje' wurde, de gemeente dy't partisipearret yn inisjativen fan boargers. Dêrmei stiet dan ek in ryk ferskaat fan dy inisjativen foarop en net in unifoarm oanpakken fanút de gemeente.

Dat freget in omslach yn polityk, bestjoerlik en amtlik tinken en dwaan.

## *Tekoart*

It begjin fan de nije perioade stiet ek yn it ramt fan in flinke finansjele taakstelling foar de kommende jierren fan likernôch € 2 miljoen struktureel. Dêrnjonken stekke wy – troch it oars útfieren fan de taken yn it ramt fan de al neamde desintralisaasjes – yn op it effektyf ynsetten fan alle budzjetten dy't dêrby hearre, om sa jild te besparjen, ek om dêrmei de foarsjennings yn de doarpen oerein hâlde te kinnen.

It besunigingsproses geane wy yn mei as útgongspunten: in slutend mearjierreperspektyf mei yngong fan 2018, in lykwichtige ferdieling oer de ynterne bedriuwsfiering (wichtich part: gearwurking Achtkarspelen) en it eksterne belied. Yn it proses wurdt earst yn it ramt fan de Perspektiefnota 2015–2018 keazen tusken in tal haadsaken. Yn it twadde healjier fan 2014 wurde de boargers/mienskip by dat kar meitsjen belutsen. Yn novimber 2014, by de Programmabegroting 2015–2018, wurde de besunigings konkreet ynfolle.

### *Wat hâldt dat yn foar de nije perioade?*

Der is mar in lyts bytsje rûmte foar it meitsjen fan nij belied. Yn dizze perioade sil der dan ek net folle rûmte wêze foar nij belied. Mar wy bliuwe wach op kânsen dy't har oantsjinje. En der sille net minder bestjoerlike en amtlike aktiviteiten nedich wêze. De line fan transformaasje en loslitte, sa't dy earder al oanjûn is, sil in protte ynspanning freegje. Dat jildt ek foar de tarieding, beslútfoarming en útfiering fan de besunigingstaakstelling. Al earder yn dit stik hienen wy it oer de krêft fan de boarger, mar der wurdt ek in protte bestjoerskrêft ferwachte. De ried en it kolleezje moatte yn dit stik fan saken, fansels fanút harren eigen rol, harren ferantwurdlikheid nimme, en in dúdlike line útsette en útfiere.

### *Wat sille wy dwaan?*

Yn dizze situaasje geane wy no as kolleezje oan it wurk.

Wat binne yn dit tiidrek en rekken hâldend mei de finansjele kontekst, sa't wy dy oanûn hawwe, foar ús belangrike punten?

1. In haadline foar de kommende jierren is, dat wy as gemeente in omslach berikke wolle. Dêrtroch kinne wy mear oanslute by inisjativen yn de mienskip en dy fasilitearje ynstee fan as gemeente sels inisjativen te nimmen en út te fieren.
2. Wat it Sociaal Domein oangiet steane wy foar in effisjinte en kantele wurkwize, dy't folle mear de krêft fan de doarpsmienskippen brûkt. De teams dy't yn dit ramt fan de transysjes foarme wurde sille, sille dêrby in taak krije yn it ferdielen fan de budzjetten dy't dêrby hearre. Utgongspunt is fierder, dat dy transformaasjes liede sille ta in dúdlike besparring yn dizze perioade.
3. Foar de transysjes yn it Sociaal Domein wurkje wy de útgongspunten dy't al fêststeld binne foar elk fan de transysjes fierder út en folje wy dy yn 2014 fierder yn. Mei in oergongspriode moat yn 2016 alles 'draaie'.
4. Wy stimulearje, dat der in goed oanbod en in goede sprieding fan ûnderwiisfoarsjennings bliuwt. Dêrby is ek it inisjatyf en de ynset fan alle belutsenen nedich.

5. Wy rjochtsje ús, mei it each op it ferfallen fan de Wet sociale werkvoorziening (Wsw) mei yngong fan 1 jannewaris 2015, op in goede transformaasje fan de besteande struktueren yn de Wsw nei de nije situaasje, mei each foar de minsken dêr't it om giet.
6. Wy sille trochgeand ynfolling jaan oan it minimabelied en dat belied hâlde wy út de wyn by de besunigingstaakstelling.
7. Mei de mooglikheden dy't wy hawwe, sette wy stevich yn de op de wurkleasheidsbestriding. Benammen it bestriden fan de wurkleasheid ûnder jongerein is dêrby in spearpunt.
8. Mei it profiearjen fan Tytsjerksteradiel as duorsume gemeente sette wy troch.
9. De besteande Woonvisie en Structuurvisie foarmje foar ús yn dizze perioade it útgongspunt foar it rûmtlik- en folkshúsfestingsbelied. De beide fisys wurde oan de ein fan de perioade evaluearre. As útrinner dêrfan sil it gebiet 'de Warren' by Burgum yn dizze perioade de hjoeddeistige bestimming hâlde en sille der ek gjin (ûntwerp) bestimmingsplannen foar dat gebiet yn proseduere brocht wurde.
10. Wy sette yn op kwaliteitsferbettering en ferduorsumjen fan de besteande wenningfoarrie en foldwaande ferskaat yn wennings.
11. Wy soargje foar in goede berikberheid fan de gemeente fia in adekwate miks fan digitale, telefoanyske en fysike kanalen.

#### *Hoe sille wy dat dwaan?*

Der lizze jierren foar ús dêr't in protte yn barre sil en dêr't in protte frege wurde sil. Wy sille yn dizze perioade folút stjoering en ynfolling jaan oan ús bestjoerlike taken.

Wy dogge dat fierder:

- *mei fertrouwen*  
yninoar, yn de partners, dêr't wy mei oparbeidzje;
- *mei loslitten*  
wy sjogge earst nei it eigen inisjatyf út de mienskip wei; as foarbyld neame wy de teams dy't yn it ramt fan de transysjes foarme wurde; dy krije - binnen fêststelde kaders - romte om problemen yn de útfiering op te lossen;
- *mei inoar*  
wy sjogge út nei gearwurkingspartners; wy kinne it allinne net;
- *mei in sosjaal gesicht*  
wy hawwe each foar minsken dy't it dreech ha;
- *mei dúdlikheid*  
wy sjogge ta op heldere beslútfoarming en konsekwinte útfiering.

#### *It kolleezjeprogram fierder*

Op de folgjende bledsiden jouwe wy de punten yn de ferskate ôfsûnderlike programma's oan dy't wy berikke wolle of in aksint jaan wolle. Wy formulearje dat koart en klear.

Fansels is der ek in protte bestand belied yn útfiering. As der gjin nije ûntwikkelings binne, beneame wy dy no net eksplisyt yn dit kolleezjeprogram.

Wy komme mei dit kolleezjeprogram op it stuit sa't de situaasje no is. As dy kontekst bot feroaret, dan sille wy punten of aksinten út it program op 'e nij besjen en mooglik oanpasse.

*Politike termynaginda ried*

De ried fan Tytsjerksteradiel hat op 24 april 2014 in politike termynaginda fêststeld dy't noch fierder ynpland wurdt. Dy termynaginda foarmet tegearre mei dit kolleezjeprogram in bestjoerlike aginda foar de perioade 2014-2018.

Wy sille no stevich oan it wurk om dy aginda út te feren. Elkenien dy't dêroan meiwurket - wy dogge it net allinne - winskje wy in protte súkses ta.

Boargemaster en wethâlders fan Tytsjerksteradiel

## 1. Algemien Bestjoer

### *'Omtinken foar kwaliteit'*

1. Yn de kommende jierren wolle wy in omslach berikke om as gemeente mear oan te sluten by en fasilitearjen fan inisjativen yn de mienskip ynstee fan sels as gemeente inisjativen te nimmen. Oanslutend by dy omslach wolle wy it budzjet foar boargerpatisipaasje omfoarmje ta in budzjet foar inisjativen yn it ramt fan de Kanteling.
2. Wy soargje foar in goede berikberheid fan de gemeente fia in adekwate mix fan digitale, telefoanyske en fysike kanalen.
3. Wy sette yn op in kwalitatyf goede tsjinstferliening troch de gemeente. Dat sil ek jilde foar de tsjinstferliening dy't him ûntwikkelet fanút de teams dy't yn it ramt fan de transysjes en transformaasje yn it Sosjaal Domein oan it wurk geane.
4. Yn de gearwurking mei Achtkarspelen wurkje wy ta nei it ynrjochtsjen fan de organisaasje en it ynfolgen fan de taken fan it iepenbier lichem Werkmaatschappij 8KTD neffens it oerienkommen '3c-scenario', yn 2015.
5. Wy rjochtsje ús yn de gearwurking mei oare gemeentes yn dizze perioade mear op gearwurking op tema's en de geskikte skaal dy't dêrby heart as op gearwurking yn fêste gearwurkingsferbannen. Dy line sil dan ek ús útgongspunt wêze by de miening dy't wy foarmje sille oer de takomst fan de Stadsregio Leeuwarden. Wy sjogge de mearwearde fan ANNO (Agenda Netwerk Noord Oost) en steane foar de ôfspraken dy't yn it ramt fan dy aginda makke binne.
6. Wy binne wach op de mooglikheden foar fierdergeande digitale tsjinstferliening en kânsen as útrinner fan oare ûntwikkelings op it mêd fan digitalisearring.
7. Ynformaasje feilichheid kriget yn dizze perioade mei klam omtinken.
8. 'Europa' wurket troch yn regeljouwing en rânebetingsten en biedt mooglikheden, ek op it mêd fan subsydzjes. Wy slagge acht op dy Europeeske diminsje.

## 2. Iepenbiere oarder en feilichheid

*'feilich en dúdlik, wannear't it moat hanthavenje mei strakke hân'*

1. Op it mêd fan iepenbiere oarder, feilichheid en hanthavenjen wurkje no provinsjebrede en nasjonale gearwurkingsferbannen, lykas de Veiligheidsregio Fryslân, de Friese Uitvoeringsdienst Milieu en Omgeving (FUMO) en de Plysje. Wy spylje goed yn op dy grutskaliger struktueren en soargje foar in goede ynbring út de gemeente wei yn de bestjoerlike organen fan dy ferbannen.
2. Wy slagge acht op in goede útfiering fan de resinte regeljouwing op it mêd fan de Drank en hoareca. Wy dogge dêrby ek in berop op de ferantwurdlikheid fan de ûndernimmings sels by it neilibjen fan de regels.
3. Op it mêd fan feilichheid hawwe wy eksplisyt omtinken foar de mear 'sosjale' en previntive beliedsaspekten.

### 3. Ynfrastruktuer

*'Sober en doelmjittich'*

1. Wy sille yn dizze perioade te set mei byldkwaliteitstjoerd behear fan de iepenbiere rûmte. Der wurdt mear yntegraal sjoen nei de iepenbiere rûmte. Der sil mear yn 'e mande mei de boargers oplutsen wurde. Dat nije behear sil yn dizze perioade ek evaluëarre wurde.
2. De oerdracht fan wegen troch it oanlizzen fan de Centrale As rint derop út dat de fraach nei in oare ynrjochting fan dy wegen op de aginda komt. Wy stribje nei in ynrjochting dy't sa goed mooglik past by de nije, ôfwurdearre skaal.
3. By it ûnderhâld fan wegen hâlde wy de krityske grins fan in foldwaande balâns tusken de middels foar it ûnderhâld en de oanspraaklikheidsrisiko's goed yn de gaten.

#### 4. Ekonomyske Saken

##### *'Wurkje oan regionale ekonomy en wurkgelegenheid'*

1. Wy binne wach en springe yn op kânsen en ûntwikkelings yn de gemeente foar bedriuwen en ynstellings.
2. Wy soargje foar in goed fasilitearring fan en tsjinstferliening oan it besteande bedriuwslibben en de ynstellings yn de gemeente.
3. Wy sette ús yn foar it yn stân hâlden fan in sterke middenstân yn de gemeente, wêrûnder fitale kearnwinkelgebieten yn Burgum, Hurdegaryp en Gytsjerk.
4. Yn de hjerst fan 2016 wurde de maatregels yn it ramt fan it sintrummanagement foar Burgum – de reklamebelesting, it funksjonearjen fan it ûndernimmersfûns en it draachflak fan dat fûns – evaluëarre.
5. Wy sille yn dizze perioade, by foldwaande fraach, it bedriuweterrein Garyp–Noord fasearre yn ûntwikkeling bringe.
6. Wy stimulearje it oanlizzen fan takomstwis ynternet. Wy dogge dat ûnder oaren troch it oanlizzen goed te fasilitearjen. Wy sette dêrby ek yn op it ûntwikkeljen fan gemeentlik/regionaal belied as oanfolging op de provinsjale beliedsinisjativen.
7. Yn kontakten mei it bedriuwslibben en de ynstellings, by oanbestegings en fierder yn belied mei wurkgelegenheidsaspekten hawwe wy in iepen each foar mooglikheden foar minsken mei ôfstân ta de arbeidsmerk. Ekonomyske en sosjale aspekten komme dêr ticht by inoar; it fuortsterkjen fan in nauwe gearwurking steane wy dêrby foar.



## 5. Underwiis

*'Untwikkelje nei brede skoallen'*

1. Wy stimulearje, dat der in goed oanbod en in goede sprieding fan ûnderwiisfoarsjennings yn de gemeente bliuwt. It inisjatyf en de ynset fan alle belutsenen is dêrby ek nedich.
2. Mei yngong fan 2015 giet de ferantwurdlikheid foar ûnderhâld bûtenom en oanpassen fan skoalgebouwen yn it primêr ûnderwiis oer nei de skoalbestjoeren, it budzjet dat dêrby heart ynbegrepen. Wy sille dy oergong goed ferrine litte en de gefolgen dêrfan, ek yntern, goed regelje.

## 6. Wolwêzen

### *'Wolwêzen yn de doarpen'*

1. Wat it Sosjaal Domein oangiet, steane wy foar in effisjinte en kantele wurkwize, dy't folle mear de krêft fan de doarpsmienskippen benuttet. De teams dy't yn it ramt fan de transysjes foarme wurde sille, sille dêrby in taak krije yn it ferdielen fan de budzjetten dy't dêroan bestege wurde moatte. Utgongspunt is fierder, dat dy transformaasje liede sil ta in dúdlike besparring yn dizze perioade.  
It giet hjir net allinne om in relaasje mei ûnderdielen fan it programma Welzijn, gemeentebreed wurket dat troch yn beliedsûnderdielen.  
De oare wurkwize sil syn effekt ek ha nei budzjetoerienkomsten en subsydzje-betingsten.
2. Foar de transysjes yn it Sosjaal Domein wurkje wy ek de al fêststelde útgongspunten foar elk fan de transysjes út en folje wy dy yn 2014 fierder yn. 2015 is dan in oergongsjier nei 2016, dêr't dan alles yn 'draaie' sil.
3. Ek yn relaasje ta de punten, neamd ûnder 1. en 2.: de sosjale gearhing yn de doarpen en buerten sille wy fuortsterkje.
4. Mei it each op de taken yn it ramt fan de desintraalisaasjes oangeande de foarsjennings yn de doarpen, sette wy ek yn op it tûk en effisjint brûken fan akkommodaasjes foar ûnderwiis-, sport- en wolwêzensfoarsjennings, mei fernimstige kombinaasjes fan funksjes.

## 7. Sport

### *'Yn beweging bliuwe'*

1. Fia in renovaasje yn 2015 bringe wy it swimbad 'De Wetterstins' yn Burgum wer by de tiid.
2. Wy beslute yn 2014 oer it oanlizzen fan keunstgersfoarsjennings foar de fuotbalferienings yn Burgum, yn gearhing mei de beslútfoarming oer it mear definityf ynrjochtsjen fan it AZC-terrein. Mei dêrby it betingst, dat ferienings yn de omkriten dy foarsjenning ek brûke kinne.
3. Wy sette ús yn foar keunstgersfoarsjennings yn Hurdegaryp, op betingst dat der in goede keppeling lein wurde kin mei oare winsklike ûntwikkelings yn Hurdegaryp en dat ferienings út de omkriten dy foarsjenning ek brûke kinne.

## 8. Wurk en Bystân

### *'Wurk boppe ynkommen'*

1. Foar de desintraalisaasjes oangeande de Participatiewet jildt, krektlyk as foar de oare desintraalisaasjes yn it Sosjaal Domein, dat wy de útgongspunten dy't al fêststeld binne foar it oanpakken dêrfan yn 2014 fierder útwurkje en ynfolje.
2. Wy rjochtsje ús, mei it each op it ferfallen fan de Wet sociale werkvoorziening (Wsw) yn it ramt fan it kommen fan de Participatiewet mei yngong fan 1 jannewaris 2015, op in goede transformaasje fan de besteande struktueren yn de Wsw nei de nije situaasje, mei each foar de minsken dêr't it om giet.
3. Wy geane troch mei it ynfoljen fan rûmhertich minimabelied en hâlde dat belied yn de besunigingstaakstelling út de wyn.
4. Mei wat wy kinne, sette wy stevich yn op wurkleasheidsbestriding. Dêrby is benammen it bestriden fan de wurkleasheid ûnder jongerein in spearpunt.

## 9. Miljeu

### *'Foar in skjîn miljeu'*

1. Tytsjerksteradiel bliuwt karakterisearre as duorsume gemeente. Wy evaluatearje it belied yn dizze perioade en stelle dat mooglik by.
2. Wy folgje de ûntwikkelings nei it opwurdearjen fan materiaal dat noch brûkt wurde kin út de ôffalynsammeling, yn it ramt fan de 'circulaire economie'. Wy sille goed ynspylje op dy ûntwikkelings.
3. Wy sille it ljochtbelied foar iepen stâlen yn dizze perioade evaluatearje. In mooglike útwreiding fan it ljochtbelied nei oare objekten/gebieten – lykas sportfoarsjennings, reklame-uterings, doarpskûmen – sille wy dan oan 'e oarder stelle.

## 10. Rûmtlike oardering en folkshúsfesting

### *'In oantreklike wen- en leefomjouwing'*

1. De besteande Woonvisie en Structuurvisie foarmje foar ús yn dizze perioade it útgongspunt foar it rûmtlik- en folkshúsfestingsbelied. Dy fisys wurde oan de ein fan de perioade evaluearre. As útrinner dêrfan sil it gebiet 'de Warren' by Burgum yn dizze perioade de tsjintwurdige bestimming hâlde en der sille ek gjin (ûntwerp)bestimmingsplannen foar dat gebiet yn prosedure brocht wurde.
2. Wy sette yn op kwaliteitsferbettering en ferduorsumjen fan de besteande wenningfoarrie en foldwaande ferskaat yn wennings, ûnder oaren fia ôfspraken mei WoonFriesland.
3. Wy sette yn Burgum, Hurdegaryp en Garyp yn op in flinke ynvestearring yn leefberens fia it projekt 'Kansen in kernen'.
4. De posysje fan Burgum as regionaal sintrum, sille wy beskermje en fuortsterkje, fia ûntwikkelings as 'Waterfront Burgum', it nij ynrjochtsjen fan de Markt en omkriten, en 'Kansen in kernen'.
5. Wy bringe yn dizze perioade in nij ûntwikkele sintrum fan Gytsjerk ta stân.
6. Wy wurkje oan in fersterke posysje fan Earnewâld, ûnder oaren fia it mooglik meitsjen fan ûntwikkelings neffens it yn 2014 fêst te stellen bestimmingsplan.
7. Wy tinke goed om de mooglikheden foar mear ûntwikkeling op it mêd fan natoerbehear. Wy fiere it ekologysk ûntwikkelingsplan út.

## 11. Dekkingsmiddels en bedriuwsfiering

*'slutend mearjierrepektyf, goed wurkjouwerskip, netwurkje en fleksibiliteit'*

1. Wy geane it foar dizze perioade ôfprate besunigingsproses yn mei as útgongspunten: in slutend mearjierrepektyf mei yngong fan 2018, in lykwaardige ferdieling oer de ynterne bedriuwsfiering (belangryk ûnderdiel: gearwurking Achtkarspelen) en it eksterne belied. Yn it proses wurdt earst yn it ramt fan de Perspectienota 2015–2018 kar makke út in tal haadsaken. Yn it twadde healjier fan 2014 wurde de boargers/mienskip by dat kar meitsjen belutsen. Yn novimber 2014, by de Programmabegroting 2015–2018, wurde de besunigings konkreet ynfolle.
2. As útrinner fan de besunigingstaakstelling sil fia de spoaren dy't hjirfoar al neamd binne it tal arbeidsplakken by de gemeente ôfnimme. Yn it ramt fan goed wurkjouwerskip sil dy krimp mei adekwaat sosjaal flankearjend belied begelaat wurde.
3. De gearwurking mei Achtkarspelen rint út op it foarmjen en de 'folling' fan de Werkmaatschappij 8KTD, mar rint yn relaasje dêrmei ek út op in oare omfang en in oare ynrjochting fan de 'dragende' amtlike organisaasje fan de gemeente. Wy sette yn op it ûntwikkeljen fan de organisaasje nei in 'netwurkorganisaasje', mei minder hiërgyske lagen, mear rûmte foar de profesjonals en minder strak ôfbeakenjen fan organisaasje-ienheden.
4. In bredere en mear fleksibele ynset fan de meiwurkers, mei it sels ferantwurdlik wêzen foar it ûntwikkeljen en 'ûnderhâld' fan harren profesjonaliteiten, steane wy foar. De meiwurkers moatte de omslach meitsje nei it as gemeente mear oansluten by inisjativen út de mienskip. Wy freegje dan ek om in mear eksterne en prosesrjochte ynstelling.
5. Wy sette yn op mear lykwicht yn de personielsopbou fan de amtlike organisaasje, mei mear jong talint en doelbewust omtinken foar (it oanlûken fan) meiwurkers mei in beheining of mei grutte ôfstân ta de arbeidsmerk.

